

Handwritten text in a circular arrangement, possibly a poem or lyrics, written in a cursive script. The text is partially obscured by the orange circle graphic.


FeRstival

Ferrefariaasje

2022

79

Fersen FeRstival 2022



FeRstival

Organisaasje
CEDIN

Tjitske van Akker / Marrit de Schiffart
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
0880 200 300
ferstival@cedin.nl

Cedin
frysk en meartaligens



Ynhâldsopjefte

Algemeine ynformaasje FeRstival 2022	5
Foardrage, in stikje teory	8
Fersen Starters	11
Fersen Trochsetters	23
Fersen Toppers	35
Ynhâldsopjefte fersen 2022	44

Kar fan fersen:
Jacob Kingma, Marrit de Schiffart
en Broer Zonderland



Algemeine ynformaasje FeRstival 2022

FeRstival is de grutste foardrachtwedstriid fan de provinsje Fryslân. Alle jierren dogge der mear as 100 learlingen út it fuortset ûnderwiis, mbû en hbû mei oan FeRstival.

Elke learling oant en mei 18 jier kin meidwaan.

Der binne - by foldwaande dielnimmers - fjouwer groepen yn de heale finales:

- **Groep Starters A: learlingen earste klasse fmbû**
- **Groep Starters B: learlingen earste klasse hafû/twû/gymnasium**
- **Groep Trochsetters: learlingen klassen 2 en 3**
- **Groep Toppers: learlingen klasse 4 of heger of studinten mbû/hbû**

Opjefte

Wy wolle graach dat de opjefte sintraal dien wurdt troch de direksje of de dosint dy't de organisaasje op him/har nimt. Learlingen dy't net fia de skoalle yn it besit fan dit boekje kommen binne, kinne har sels opjaan. It tal dielnimmers de skoalle of ôfdieling fan in skoallemienskip moat foar **alle groepen** beheind wurde ta **fiif** de groep.

Opjeften moatte **uterlik woansdei 19 oktober 2022** binnen wêze op it mailadres ferstival@cedin.nl.

Foar de goede gong fan saken freegje wy jim omtinken foar it folgjende: telefoanyske opjefte is net mooglik om't dat maklik ta misferstannen liedde kin. Inkeld dus fia de mail. Yn de opjefte moatte de **kategory, namme dielnimmer** en **namme fan de skoalle** stean.

Ekstra Fersefariaasje-boekjes kinne besteld wurde by Cedin: Gerrit Hoekstra, tel. 0880 200 300, of in e-mail nei: g.hoekstra@cedin.nl

Heale finales

Elke dielnimmer moat in fers kieze út ien fan de trije kategoryen: Starters, Trochsetters of Toppers.

De heale finales wurde hâlden op twa data en trije plakken:

- freedtemiddei 11 novimber yn De Stolp yn Snits, Smidsstraat 6
- freedtemiddei 18 novimber yn De Bres yn Ljouwert, Schoolstraat 4
- freedtemiddei 18 novimber yn Iduna Drachten, Oliemolenstraat 16

Oanfang alle kearen om 13.30 oere.

Nei't alle dielnimmers bekend binne, sille dy ferdiel wurde oer de trije plakken. Dêr komt dan berjocht oer.

Finale

De finale sil hâlden wurde op:

sneon 17 desimber 2022 yn it Posthuis Theater op It Hearrenfean

Oanfang: 13.30 oere

Yn de finale is der noch mar ien kategory Starters. Starters meie yn de finale itselde fers foardrage as yn de heale finale. Fansels meie se ek mei in nij fers komme. Trochsetters en Toppers moatte yn de finale mei in nij fers komme. In kopy fan dat fers moat uterlik **freed 2 desimber** binnen wêze op it organisaasjeadres. Op dy kopy moatte de namme, it wenplak en de skoalle fan de foardrager stean.

De prizen besteane út wikselbekers (foar de skoallen), earetekens en boeken. Op alle middeis binne leararen, âlden en (skoal)freonen fan de dielnimmers fan herte wolkom, dat wol sizze as it koroanafirus dat talit. Wy sille dêr letter mear dúdlikheid oer jaan. De tagong is alle kearen fergees.

Ek dit jier hat in tal dichters en dichterssen foar de foardrachtwedstriid fersen skreaun en opstjoerd. Wy binne harren dêr tige tankber foar.

Tarieding

Ta beslút freegje wy noch jimme omtinken foar de ynliding oer it foardragen op side 8 oant 10, dy't Klas Bijkerk-Folmer, Tsjerk Veenstra en Mindert Wijnstra skreaun hawwe foar de dielnimmers/-sters én foar de begelieders.

Foardrage, in stikje teory

It hat bliken dien dat der ferlet is fan dúdlikens oer guon aspekten fan it foardragen. Wy hawwe besocht om wat algemiene opfettingen byinoar te swyljen, dy't ek yn de literatuer foarkomme.*) Hoewol't jo ek dêr tsjinstelde mieningen oantrefte, mei wat folget as algemien ûnderskreaun jilde.

Wat is it doel fan it foardragen? Alderearst bart it út 'e holle, sûnder help fan de tekst op papier. Dan kin men oaren genietsje litte fan wat de dichter makke hat. Wat de dichter sjoen, oandien, beweegd hat, wat syn idee is, moat de foardrager oerbringe op de harker. De foardrager is dus allinne medium, middel ta it doel. Hy soe likegoed ûnsichtber wêze kinne (dat bart nammentlik ek foar de radio).

Dat betsjut foar:

A. hâlding en beweging

Dy binne sa ûnopfallend mooglik. Gewoan op twa fuotten stean en net fan 'e iene foet op 'e oare hippe. Holle rjocht hâlde en de earms gewoan hingje litte. Earms feroarje út harsels fan hâlding as - op hiel natuerlike wize - de hannen bygelyks romte oantsjutte wolle.

De klam moat op it natuerlike lizze. Dochs moat de foardrager him der fan bewust wêze wat er docht. Hy moat him bewust meitsje (of meitsje litte troch syn begelieder) fan wat der 'natuerlik' út de tekst komt. Oars sein: dat in blom út 'e grûn komt en de stjerren oan 'e himel stean, wit elkenien. Dat hoecht net oantsjut te wurden. Dy hege toer kin nimmen mei de earms by, dat hat dus ek gjin doel. Mar hannen geane wol - fan eangst of skrik bygelyks - nei de holle. Net te kearen!

By de koartswilige, anekdoatyske ferskes, benammen by de Starters, kin it wat mear lije. Dúdliker kinne wy net wêze, spitigernôch. Noch oars sein: de dichter hat syn fers de wrâld ynstjoerd; it is him sa nei 't sin, de foardrager hoecht it net te ferbetterjen of te ferdúdlikjen mei gebearten of sterk dramatyske mimyk.

B. mimyk

Ekspresje. Wat is der op it gesicht te lêzen? As it fers goed trochlibbe is, falt dat fan it gesicht te lêzen. As de blidens dy't út de wurden sprekt net oan 'e bûtenkant sit, mar fan binnen út komt, dan litte de eagen, it hiele gesicht dat út harsels sjen. Dat binne net te kearen emoasjes. De eagen binne o sa wichtich. Dêr sjocht de taskôger oan wat de foardrager sjocht. Dêr kin de romte mei oantsjut wurde dy't de dichter beskreaun hat. Fier en tichtby, heech en leech, mar ek de romte yn ús: wy kinne ek nei binnen sjen. Eagen kinne in soad ferriede. Se moatte 'derby wêze' en net rûnom hinne fleane.

C. it lúd, de stim

Dy binne dus it belangrykst. Sa't de dichter it opskreaun hat, moat it sein wurde, net oars. Net in toanleaze -e mei mist wurde. It seit himsels dat de algemiene regels fan de útspraak oanhâlden wurde moatte. Leaver gjin staveringsútspraak. Oppasse mei slim dialektysk kleurde útspraak. Pas op foar 'bjartsje', 'mjorre', ensfh.

Goed artikulearje fansels, mar ek wer net sa dat it sizzen ûnnatuerlik wurdt. Dat wol ek sizze: om de assimilaasje ('hy hat de' wurdt meastal 'hy hatte'), en it ritme tinke; de sinsmelody moat goed fersoarge wurde. It folume moat op syn sêftst goed te ferstean wêze; by fersoarge artikulaasje kin it hiel wat lije.

D. de kar

De foardrager kin net in goed medium wêze as er it fers net goed begrypt. De kar fan it fers is dus tige wichtich. It fers en de foardrager moatte inoar lizze. Net alle fersen binne gaadlik om foar te dragen. Net elkenien kin dúdlik meitsje hoe't it moatte soe. It moaiste is as de foardrager sels in fers kiest en him it fers eigen makket, mar in betûft helper kin in soad dwaan. Dy docht it moaiste wurk as er de foardrager ta sels sjen, hearren en begripen bringt.

Dat kostet faak in soad tiid, mar foldwaning, oandwaning en tadienens fergoedzje in soad.

Dat betsjut ek dat de kar net te maklik wêze moat, der mei bêst wat wraksele wurde. It soe faaks in goed ding wêze en begjin al foar de foarronde te sykjen nei fersen foar de finale. Enne... wy hawwe mear dichters en gedichten as faak bliken docht by de finale.

Oer it oankundigen en sa fan it fers: gebrûk is dat earst titel en dichter neamd wurde. De foardracht is dan noch net begûn. Nim dan de tiid om konsintrearre útein te setten. Set it fers yn in stilte: it is in wrâld op himsels. Dêr kin soms de titel ek by hearre; dy soe dan werhelle wurde kinne. En oan 'e ein net fan: heu, 't is dien!

Der binne minsken dy't nei jierren noch oer ien foardracht prate fan ien fers troch ien foardrager. Sivirsky**) skriuwt: "De beste voordrager is hij, die de verbinding tussen maker en toehoorder het volmaaktst tot stand brengt. Deze magie is aan weinigen, wellicht aan niemand, in haar volheid gegeven. De kunst van het voordragen moet ook door noeste vlijt ontwikkeld worden. Hierin ligt ook de grote waarde van het voordragen." It mei ynmoed besykjen is it bêste wat der dien wurde kin en dat hat it publyk al hiel wat moaie mominten besoarge.

Hooplik bart dat troch dit stikje noch faker.

- *) A. Sivirsky, De stem van de dichter
- A. Sivirsky en A. Vogel, School der voordrachtskunst
- **) earstneamde wurk, side 1



Fersen Starters

Rampgebiet

Myn bêd is in tsunami,
gjin plak mear om te lizzen.
Wat in binde is it hjir,
dát hoechst my net te sizzen.
Bôlekrommels, smoarge sokken,
trije laders, wat in lol.
Help, goai my in rêdingsboei!
Myn bêd dat leit grôtfol.

Myn kast is in fulkaanútbarsting.
As lava streamme klean
nei in grutte bulte op 'e flier.
Gjin plak mear om te stean.
Myn keamer is in orkaan,
in dûzeldûns fan pún.
'Oprêde do,' driget mem,
'oars smyt ik it yn 'e tún!
Ik moat oan 'e slach mei dizze ramp
fan 'e swierste kategory.
As in rêdingswurker stean ik hjir
mei myn lêste enerzjy.

(net earder publisearre)

Blog

Us mem dy blogt.
Se blogt en blogt omraak.
Om't se sels neat belibbet,
binne wy de sjaak!

Switplakken, ekseem,
in sjenante falpartij.
Wa't ik tute yn in gekke bui.
Alles komt op de blog foarby.

'Hoe sjenanter hoe yntressanter!
ropt ús mem de hiele dei.
En dan it alderslimste;
elkenien lêst mei.

Mar sûnt koart bin ik flogger.
Ik filmje mem yn elke situaasje.
Rydt mem tsjin buormans auto oan?
Meitsje ik daliks in reportaasje.

Leit mem snoarkjend op in kessen?
Dan meitsje ik in prachtich shot.
Mem siik? Dat wurdt in ynterview:
'Fertel ris mem? Fielst dy no ek rot?'

'Hoe sjenanter hoe yntressanter!
rop ik de hiele tiid.
Us mem dy blogt net mear.
Mission complete!

(net earder publisearre)

Myn skoaldream

Sorry, mar ik bin net goed yn
wiskunde en ek myn talen
helje lang net it heechste nivo,
fan lege sifers krij ik de balen.

Ik soe't graach wolle, al dy 8ten
o sa cool laket my in njoggen ta,
tink ik ris oan in tsien dan stuitet
daliks alles op: sa kin 't wol ta!

It leit net oan de learaar
of oan de dekaan,
net oan de skoalle,
net oan mefrou Wessels,
ek net oan menear de Haan.

It sit yn mysels,
ik wit dat wis
omdat myn holle
ien grutte kreative bobbel is.

Tekenje en ferhalen skriuwe
wolst it net leauwe mar as ik
dêr oan tink dan fljocht de tiid,
wurd ik alderferskuorrende bliid.

Toaniel en muzyk,
dûnsje of in skilderstik
dy jouwe my in kik,
dat is myn wiere ik.

Do silst hurder wurkje moatte,
sizze heit en mem en de dosinten,
troch fûl te learen fertsjinnest
skielk de measte sinten.

No se kinne my wat
mei dat jild foar letter,
hjir in gedicht foardrage
fielt foar my de helte better.

(net earder publisearre)

it is oarloch

net earlik is it
samar wol de iene
lân fan de oare hawwe

net leaf is it
samar wol de iene
de oare dea hawwe

sear docht it beide
winne sil gjinien
en ik ha in stien

yn myn mage
yn myn hert
sa moat it net

lit se prate
lit se harkje
lit se swije

wês wiis grutte minsken
hear nei ús winsken
gjin oarloch mar frijheid

waarmte om it hert
wille sûnder smert
leafde en respekt

it giet om earlik diele
it lân net ferniele
de tiid net fergrieme

kinne wy boartsje as bern
dan is neat ferlern

(net earder publisearre)

TERRORKLASSE

Us klasse is de drokste,
gjin learaar dy't ús mei.
Fan fierren kinst ús hearre
sa giet it der omwei.

De dei begjint al goed,
de helte komt te let.
As frou de Jong wat sizze wol
dan lústerje wy net.

Nynke praat mei Hester
dat hâldt by har noait op.
As Wilco achteroerfalt
dan laket se har slop.

Hidde goait mei propkes
by Isa yn 'e jas
en Siebe sjocht wat sneu
der lekt wat yn syn tas.

De hiele dei dy drokte
by Ingelsk, Dútsk, technyk.
By skiednis fan mefrou de Boer,
by Faber en Van Dyk.

't Is gaos alle dagen.
It sit ús mentor heech,
dy seurt de hiele mentorles:
'Jim sifers bin' te leech!

Us klasse is de drokste,
mar net by menear Brill.
Dy man hat each foar elkenien
by him is 't einlings stil!

(net earder publisearre)

De oppassintrale

Us heit en mem bin' mei fakânsje.
En no ha 'k in kat, twa kninen en in hûn.
Sels in geit rint yn 'e keamer;
ik bin in 'oppassintrale' begûn!

Dy hûn is as in keal sa grut,
mar hy wol by my op 'e skoat!
Oei! De geit fret mem har planten op
en de knyn de tafelspoat.

'k Sil earst mar mei dy hûn te kuijerjen.
Sjoch! Us notaris, Van der Steeg.
Stean ik krekt mei him te praten,
tilt dy hûn syn poat omheech...

Wy stowe gau nei hûs ta,
krûpe beide op 'e bank.
Mar dy leit fol mei swarte 'dropkes'...
Net te leauwen, wat in stank!

Nei fjirtjin dagen sit it hûs
fol mei flieën, dy't ek noch bite!
En de kat wol elke dei
yn 'e plantebakken skite.

As heit en mem wer thúskomme
is 't mei myn baantsje dien...
En dy twa kninen? Sil' jim tinke.
Dat binne der no tsien!

(út: Ferséfariaasje, 2011)

De stjerren

Hast wolris nei de stjerren sjoen,
soesto se telle kinne?
Moatst mar ris riede op in jûn
hoefolle it der binne.

Hast wolris neitocht hoe't it sit,
sa'n stjer dat is in sinne,
mei allerhande soarten fan
planeten deromhinne.

Moatst foar de aardichheid ris dwaan,
ien kear gewoan besykje.
Mar tsien minuten, in kertier,
hoe lyts as wy dan lykje.

Foardatst it witste, dreamsto fuort,
't is altyd wer in wûnder;
dat fjild mei stjerren yn 'e loft,
en wy, hiel lyts, dêrûnder.

(út: **Freedtemiddei frij, 1996**)

Jehannes

Jehannes is wat frjemd, Jehannes is wat nuver.
Al kin er noch wol tinke, syn tinken is net suver.
Jehannes is wat stil, mar hat in eigen wil.
Jehannes sjocht de wrâld troch syn eigen bril.

Jehannes wennet op himsels, yn in hûske efterôf.
Sjochst him net safolle, hy is wat minskeskou.
Alles oan Jehannes is smoarch en haveloas.
Foaral dy swarte hoarnen bril op syn pûkelnoas.

Jehannes hat fan poetskatoen alhiel gjin ferlet.
De glêzen fan syn bril binne altyd like fet.
En dat mei minne eagen. Hy kin amper mear wat sjen.
Sa hat er it sicht op 'e wrâld hielendal ferlern.

Juster kaam 'k Jehannes yn 'e buorren tsjin,
en tocht: ferhip myn jonge, wat hast dyn bril no skjin!
Mar mei't ik dat tocht, seach 'k it ynienen sekuer:
Jehannes hie gjin glêzen mear yn syn brilmontuer.

Ik sei tsjin him fernuvere: 'Man, wat sjochsto skril.
As 'k my net fersin, hast gjin glês mear yn 'e bril!
'Nee,' sei Jehannes, 'ik sil dy sizze, it is sjesa
dat hoecht ek net mear no't ik kontaktlinzen ha.'

(út: **Fersefariaasje, 2006**)

Mei mem allinne

heit
ik wol
mei dy
te fiskjen
moatst myn nije fuotbal sjen

moarn heit
moarn wol ik it keatsen winne
asto dan lâns
de kant stean koest
soesto my dan noch kenne

heit
do moetst
mei my healwiizje
en my leare
hoe't ik myn
fytsbân plakke kin

heit
hat heit wol yn 'e gaten
dat ik no al tolve bin, heit

heit
wolst mei my
nei de merke
en de fjouwerjûnetocht
meirinne

wit heit wol
dat achter ús hûs
hiele moaie paadsjes rinne
soe heit
net in kearke komme kinne

heit
'k soe fan dy
swetse poche en beare wolle
tsjinoer myn maten
harren heiten
kinne ek safolle

allinne mei mem
bin ik sa allinne

(út: Fersefariaasje, 2000)

De wite haai

In wite haai yn d' oseaan
sei op in dei: it is gjin dwaan
sa smoarch wurdt hjir it wetter;
ik hâld myn fel mar amper skjîn
en ek de smaak is fiis en min
en net in greintsje better.

Mar hoe't se klage en stind' en die
it joech har neat, it wetter wie
breinsâlt en net te drinken;
wat sil ik no, sa tocht it bist
want aanst dan stik ik hjir beslist,
ik moet wat oars betinke.

En op in dei swom se brutaal
it Hollânsk Djip op en de Waal,
't wie suver om te skriemen;
se hie in buordsje op 'e kop
dêr stie mei grutte letters op:
HALD NO RIS OP TE GRIEMEN.

En alle minsken op 'e wâl
dy seagen wol in bytsje mâl
mar setten dochs de kranen stop,
ek de fabriken hâlden op
en stadich waard it wetter
wer folle, folle better;
de wite haai swom woltefree
op 't lêst ek wer werom nei see
en die fan klearebare noft
in spronkje yn 'e loft.

(út: Neierhân, 1999)

for letters



Fersen Trochsetters

Wat bin ik?

Ik wit net wat ik bin.
Hoe sjenant is dat.
Ik hear nearne by.
Ik wit net wat ik moat.

Ik doar it net tsjin ien te sizzen.
Bin ik de iennige dy't it net wit?
Ik fyn sa'n protte minsken aardich.
Hoe wit je seker hoe't it sit?

Jan dy giet mei Wyske,
Bauke hat it oan mei Brecht.
Klaas tute Dennis juster yn it fytsehok.
O, bah nee. Dat mienst net!

No en, wat kin 't dy skele?
Stel dy net sa oan.
Dat Maud mei Sjoukje giet,
dat fynsto dochs ek gewoan.

Bin ik hetro, bi of gay?
Ik ha werklik gjin idee.
Jonges, famkes it docht my neat.
Bin ik dan no ferkeard?

Ik wit net wat ik bin.
Mar fan ien ding bin ik wis.
Ik bin gewoan mysels,
wat dat dan ek is.

(net earder publisearre)

Wû Wei

Us omke hat yn Sina wenne,
dêr hat er hiel wat leard.
Hy hat dêr by de mûntsen
ek jierren mediteard.

Hy fertelde faak ferhalen,
dy mocht ik hiel graach heare.
Benammen oer 'Wû Wei'
woe ik in protte leare.

Wû Wei betsjut yn Sina
jou dy del en doch mar neat.
Want om in soad te learen
is skreppen hiel ferkeard.

It gers groeit wier net hurder
ast oan de sprytsjes lûkst.
Do learst echt folle mear
asto dyn eagen brûkst.

As ik nei wolken seach
en fûgels sjongen hearde,
dan tocht ik oan ús omke
dêr't ik Wû Wei fan learde.

Hoe moai oft hy fertelde
oer libbenspaad en -wei.
"Alles komt fansels," sei omke
"en alles giet foarby."

Doe't wy syn jiske struiden
oer it sêfte griene gers,
tocht ik oan wat foarby gie
en omkes wize les.

Dêr leit er no, hy is net wei.
Ik sjong: "Wû Wei, Wû Wei"
Wa woe no net sa'n omke,
sa'n omke as dy fan my".

(net earder publisearre)

Leafde op it earste gesicht

Ik seach him op it strân
it wie ôfrûne jier, simmer.
Hy hie in fuotbal yn 'e hân
ik sjoch him dêr noch rinnen.

In prachtich liif, brune krollen
suver in sixpack, ja wier.
Ik soe him as myn freon wol wolle
mar foar my is hy in stap te fier.

Hy falt net op in famke lykas my
mei skeinspruten en in bril.
Ynienen stiet er foar my,
ik hâld my skruten stil.

'Ik leau net yn leafde op it earste gesicht,'
is wat er seit en sjocht my leaflik oan.
'Mar fan dyn glimk wurdt myn holle licht
toe, pak my by de hân.'

(net earder publisearre)

Me time

Mem, fan dy ha 'k leard om nee te sizzen
en do wist, ik lústerje graach nei dy;
ik nim myn tiid en pak myn rêst,
oars hat nimmen wat oan my.

Hjoed set ik mysels op nummer ien,
wol allinnich mar foar leafde kieze;
rêstich oan dwaan, grinzen stelle
en mysels net út it each ferlieze.

Oan myn langstmen jou ik oandacht
en ik folgje myn gefoel.
Asto wier safolle fan my hâldst,
dan begrypst' wat ik bedoel.

Wolst my ommers altiden stypje
sadat ik dwaan kin wat myn hert my seit
en dat is om no net nei skoalle,
omdat myn bêd sá lekker leit.

(net earder publisearre)

Stadich

De wyn bealget
Yn de beammen
Sweltsjes tútsje
It wetter
De sinne riist
Moanne en stjerren
ferblikke
Stadich, ien foar ien
Alles is stil
In fûgellûd
Brekt de stilte
In sêfte huvering
Lûkt oer
It wetter
Klear foar
In nije dei

(net earder publisearre)

Unyk

Hoi, ik haw in fraach
Ik bin al lang op syk
Bin' alle minsken oars
of bin' der guon gelyk?

Yn elts lân op 'e wrâld
sjoch ik wer wat oars
kwa lingte, eagen, mûle,
kleurke, hier of noas

Sels identike twillingen
binne net unyk
De iene hat in rjocht gebit
de oare in bytsje bryk

Ik swalkje oer it ynternet
Myn fraach dy bringt my fier
Kinst in minsk wol klone?
Besteane dûbeldgongers wier?

Nei sa'n tûzen foto's
jou ik it mar op
Ik krij hjoed dochs gjin antwurd
en set myn syktocht stop

Dan sjit it my te binnen
jûns op bêd dan tink ik nei
Ik sjoch de oerienkomst
tusken minsken oeral wei

It laitsjen. Dat is itselde!
Krekt ast glimkjen en ast gûlst
Asto de mûlshoeken krollest
Wit immen watst bedoelst

(net earder publisearre)

Thriller

't Is earsteklas resjerzjewurk
dit sykjen nei de dieder.
Dat spoar fan bloed op jas en jurk,
is dat fan de ferrieder?

't Boek nimt my mei, myn hert slacht fûl,
ik graaf yn it ferline.
Ik gean mar troch, 'k ha mar ien doel:
ik moat dy dieder fine!

Dat slagget! It ferhaal is út,
'k sjoch wazich om my hinne -
Mar ho, wat hear ik dêr by 't rût,
wat soe dat wêze kinne?

De souder kreaket, it gerdyn
beweecht, aanst sjoch ik in revolver!
Of is it inkeld mar de wyn
dy't om de huzen boldert?

Dat skaad, is dat in enge man?
Moat ik fersiden dûke?

Alhiel fan 't sintrum smyt ik dan
dy thriller yn 'e hoeke.

(net earder publisearre)

Samar

ik tearde de krante iepen
en dêr wie se

Samar - sa hiet se -

se waard 35
dagen âld

sil nea laitsje
net sitten gean
begjinne te krûpen
har oerein hise
oan 'e spilen
fan in rinsteck

se wurdt net
immens grutte faam
immens boarter
klasgenoate
net
immens grutte leafde
immens mem
kollega, buorfrou

se kaam, Samar,
fan 'e honger om

(net earder publisearre)

Swarte mamba

Myn broer hat in ekstreme hobby;
ik wit net oft ik him ferriede moat
no't hy, ferstoppe op syn keamer,
hiel stikem dêr in swarte mamba hat.

'Och,' seit ús mem, 'hy hâldt fan bisten.'
Ik wit: sy wol gjin rûzje of in rel,
mar mem wit net dat mamba's moardzje
om't se sa giftich binne as de hell!

Nachts kronkelet mamba oer de râne,
se slikket sleau en flaai kjend oan myn doar,
wol tútsjes jaan of eefkes krûpe,
mar 'k bin net gek, hy siket mar in oar.

Myn broer dy keapet wite mûzen,
want fegan is hy net, it kronkelkring.
Myn broer is al hast blut en bromt no:
'Ik tink dat ik 'm nei 't asyl ta bring.'

Dus it is klear, ik wie ferromme
doe't broerkeleaf him nei 't asyl ta brocht.
Mar 'k haw in nij probleem sûnt fan 'e middei:
hy hat in bakfol mei piranja's kocht!

(út: LinKk 4, jiergong 22, 2022)

Manmachtich leger

Ynvaazje op 'e dwinger!
Oarloch op it stoart!
Manmachtich is it leger,
de loft fan kobben swart.

Se roppe, krite, raze
út klearre machtsfertoan.
As wie 't in kamikaze,
sa falt de loftmacht oan!

Yn flitsen gean de wjukken
as messen troch de loft;
se kapje mei har swurden
in paad troch eigen kloft.

Se snije, skampe, roeie
om earder op 'e grûn
dêr hat de loftpatrouille
de fjildslach noch net wûn.

't Is ien gefjocht om iten,
de grutste bekken earst.
Dy't skelle, pikke, bite,
dy snaaie ek it meast.

Fannacht dan wurdt it frede:
it ljocht nimt even skoft –
manmachtich dan it leger
fan stjerren oan 'e loft.

(út: Tsjilp! 2017)

for more

atuna huse kness huse
unneverse dave huse diakti dakti
Auto precise key huse
hew hews este huzung
umborycle aule dnewg
estis fduyong wpyba
ocymwreese ese unihpse ignoranc
length of yours unne catwiscse
bunder c0022 s5 zypome zupelnoe
huzung unktbee yalt utasnie
kness unne ese yalt 0



Fersen Toppers

#MAND (of, Hâld it koart)

dit gedicht is op himsels frij ienfâldich
it rimet in bytsje en is sadwaande
maklik om te ûnthâlden
gjin rare drege wurden
of pseudo-muzikale klanken
om fan te stammerjen
en gjin betsjuttings
dy't fersideboartsje
tusken de rigels
(dit gedicht giet net stikem
oer identiteit of myn relaasje
of tûkelteammen op it mêd fan
kommunikaasje)
gjin rare byldtaal dy't oer dy hinne komt
as in ûnferwachte tongerbui
gjin dronken ritmes dy't dy passe
as in online bestelde trui
dit gedicht is rjocht yn 't gesicht
der stiet wat der stiet
en is dêrby frij fan dingen
dy'tsto fiele kinst mei oare sinnen:
sûnder wurden om te kôgjen
en te priuwen
sûnder wurden om te snuven
en te rûken
nee, gjin taalgefoelige literêre babbelegûchjes
en wês net bang:
't is net te lang
nee, net te lang
foaral net te lang
om it mar simpelwei te sizzen:
dit gedicht is yn de kearn -kompakt-
net dat dat altyd moat
mar it is wolris moai
of net?
sa lekker koart

(net earder publisearre)

Mist

Ik ha dy mist
sa leaflik bist
datst my as in dize
yn de holle sitten giest
licht en swier skimerje kinst
dat meist sels kieze

Do bist as in moarnswolkje
dy't sêft oer it lân aait
bleate fuotten op dampich gers
wyn dy't ysliek kâld waait
litst my trilje as in kears
mar dyn wite tekken
hâldt myn tinzen waarm
en lit myn bloed kolkje

As op iere oeren
de sinne troch de kieren spûket
ferskine dyn kontoeren
sil de dize gau wer opdûke
wat ha ik dy mist

(net earder publisearre)

sulverfûgel

in skittering yn sinneljocht
ik sjoch dy nei en mimerje
sulverfûgel wêr giesto hinne
wa hasto yn dyn lyfke mei

ik dream fan lannen fier oer see
tink oan woastinen giel en toarstich
it grien fan oerwâld noch bewenne
draachsto bisten yn dyn rom?

of lânesto by Fjoerlân anst
en sille lju djoer súdlik farre
plestik tekens fan bewenning fine
befêstigje dat iisbergen rane

binne dyn reizgers bliid om't it
fakânsje is of drôvich om't sy
ôfskied namen koffersfol tûgen
en blyn binne foar letter tiid

sulverfûgel bringsto my
har ûntdekkingsferhalen
as aaien fan har neiteam

(net earder publisearre)

Myn rêchsek

Ik doch myn rêchsek fol mei skoalboeken
se binne swier fan wurden
en fertelle oer de wrâld.
De kennis dy't ik noch net ha
in witten en begripen.

Ferhalen oer sinne en de ierde
oer minsken fan fier en hein,
in oare taal, gebrûken.
Oer leauwen, tinken, wittenskip
mei bylden út it ferline.

Yn myn rêchsek sit ek in boek
sa swier as lead
ferhaal fan djip fertriet.
Dieden dien út macht
ûnbegryplik en sûnder ein.

Dat boek is fan eartiids
in boek fan skiednis doe
mar ek no klinke de wurden.
Se gean oer minsken fierder fuort
en tichter by.

Foar har gjin rjocht fan libben
gjin plak foar bern
gjin frijheid om te wêzen.
Tsjuster en ûndrachlik
bedriigjend foar it bestean.

Ik pak myn rêchsek op
en nim se mei nei skoalle ta
dy boeken.
Eangst en ûnmacht
bin hast net te rissen.

De swierte fan de wurden drukt;
dy kennis en dat witten
moatte dochs begripe litte
dat takomst allinne oars mar mooglik is.

(net earder publisearre)

Leafdesblommen

Yn winters fol waarmte
groeiden se op as buertbern
heit en mem tegearre sniebalje
en reedride op it sleatsje achter

jong liet de maitiid
harren herten bloeie
it reinde blossen om
frucht te dragen

rynsk en royaal kaam
de simmer mei sinne
oer see en oer greide
lake de takomst beide

grut en folwoeksen sloech
de hjerst harren tinzen útinoar
it plantsjen fan leafdesbollen
ha se net langer dien.

(net earder publisearre)

IIsfûgel sjocht iisfûgel

Ik sit boppe 't wetter
foaroer op in prik
en sjoch yn 'e spegel
in fûgel as ik:

Stielblau is syn pakje,
de helm op syn kop;
syn lyfke oranje
en sniewyt it krop.

Te lang is syn snavel,
syn sturtein te koart;
it sil wol sa hearre –
al bliuwt it apart.

Hij sit hjir gefaarlik,
syn kop wurdt te swier;
't is krekt oft er kipert...
pas op, de rivier!

Ik sit boppe 't wetter
foaroer op myn prik,
dêr swimt troch de spegel
in skoandere fisk!

Ik stoart fan myn tûke!
Myn snavel te lang...?!
Lit mij mar ris dûke –
moatst sjen wat ik fang!

(út: Tsjilp! 2017)

Treast

Lit harren harren hynders,
nimmen nimt ús de swannene ôf.
It boechbyld op ús hûs
sil nea yn ierde smoare.

Lit harren harren hearskjen,
nimmen nimt ús de frijheid ôf.
Unstjerlik bin' de dieden fan
wa't foar ús rjochten stoaren.

Lit harren harren brinzgjen,
nimmen nimt ús it sjongen ôf.
De stimmen fan alear, it liet
komt nea ta swijen.

Lit harren harren fjouweren,
nimmen nimt ús it fleanen ôf.
De flerken fan de geast
drage ús boppe lijen.

Lit harren harren krêft,
nimmen nimt ús de sêftens ôf.
De suverens fan hoop
falt ús as snie temjitte.

Lit harren harren hasten,
nimmen nimt ús it rêsten ôf.
Nea sil de dei fan hjoed
syn ivichheid ferjitte.

(út: Wei, 1998)

Lege huzen ek

Lege huzen, sei se, kinne ek prate en se hearre altyd wat,
de wyn dy't troch de stikkene glêzen sjongt, de downen op it dak.
En dy bisten yn it keldersgat, dy't net iens in namme ha.
— Gjin namme?
Nee, dat kinst wol oan de koppen sjen.

As it even stil is, sei se, ha se by de rûs ferhalen,
dy plôkje se dan fan 't behang, dy stowe troch de gongen
en boppe, dêr't de minsken slepten, hingje dreamen yn de reagen.
— Dy namen se net mei?
Dy ha se dêr ferjitten.

Al dy bisten sûnder namme, sei se, hoe soenen dy der kommen wêze,
net yn dat lege hûs, mar op de wrâld. Fan de downen wit ik it ek net,
en oft se daliks fleane koenen en maklik ite mei dat krop.
— Do soest it ek net witte?
No goed, ik haw noch alle tiid.

Ik kom fan myn mem en do fan dinen, mar de earste hie gjin mem,
dy moast himsels mei alles rêde en as er fan de taksus iet dan wie er dea.
Tinksto dat ik alles kom te witten of bliuwe der geheimen?
— Bisto bang dan fan geheimen?
Nee, want ast it net witst, dan kinst noch alle kanten út.

(út: Fersefariaasje 2003)

Ynhâldsopjefte fersen 2022

Fersen Starters

Rampgebiet	Paul van Dijk	12
Blog	Berber Spliethoff	13
Myn skoaldream	Ytsje Hettinga	14
It is oarloch	Tryntsje van der Veer	15
Terrorklasse	Paul van Dijk	16
De oppassintrale	Ina Hoks	17
De stjerren	Jurjen van der Meer	18
Jehannes	Bertus Klazenga	19
Mei mem allinne	Ytsje Hettinga	20
De wite haai	Tsjits Peanstra	21

Fersen Trochsetters

Wat bin ik?	Berber Spliethoff	24
Wû Wei	Youvan Rotteveel Mansveld	25
Leafde op it earste gesicht	Ilja Dijk	26
Me time	Elbrich Vreeling	27
Stadich	Jan Woudstra	28
Unyk	Tjitske van Akker	29
Thriller	Grytsje Kingma	30
Samar	Janneke Spoelstra	31
Swarte mamba	Jelle Bangma	32
Manmachtich leger	Eppie Dam	33

Fersen Toppers

#MAND	Arjan Hut	36
Mist	Sigrid Kingma	37
Sulverfûgel	Tryntsje van der Veer	38
Myn rêchsek	Neeltje Terpstra – de Jong	39
Leafdesblommen	Ytsje Hettinga	40
Iisfûgel sjocht iisfûgel	Eppie Dam	41
Treast	Harmen Wind	42
Lege huzen ek	Aggie van der Meer	43



Cedin
frysk en meartaligens